

De Earn
Útjefte fan it
Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld

Skriuwerskip fan it FOWE
en fan redaksje en administraasje
fan de Earn:
Tine van Minnen
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Tillefoan (06) 20 60 04 09
E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Under redaksje fan:
Dr. Rienk Klooster, (058) 251 94 25
E-post: h.a.klooster@hccnet.nl
Tine van Minnen
Drs. Yvonne Hiemstra,
E-post: yvhiemstra@hetnet.nl
Jan Lautenbach, (06) 10 92 48 08
E-post: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

FOWE bankrekken: 34.98.14.058

ISSN 1878 - 4348

ferfolch fan side 14

Fan paus nei âlderling

Essinsjeel is ek de feroaring op tsjerk-oarderlik gebiet. De gemeenten kamen ûnder lieding te stean fan in tsjerkeried, keazen út en troch de gemeenteleden sels. It sintrale amt yn de tsjerkeried wie yn wêzen it âlderlingskip. De âlderling hie in pastorale taak en moast der ek op tasjen dat it yn de gemeente oarderlik om en ta gong. By dat lêste hearde ek de tsjerklike tucht, d.w.s. it tafersjoch op in kristlike libbenswannel fan de gemeenteleden. Dy't bûten de stringen stapt, koene nei in warskôging útsletten wurde fan it nachtmiel en yn it slimste gefal ôfsnien wurde fan de tsjerkemienskip. De diaken wie yn wêzen in âlderling mei in bysûndere opdracht: de earmesoarch. Allyksa wie de dûmny yn wêzen in âlderling dy't as taak hie om de bibel út te lizzen. De doktor (learaar) wie yn wêzen in âlderling dy't de opdracht hie om it ûnderwiis te fersoargjen. Yn it Nederlânske kalvinisme hat dit amt gjin stal krige en binne de ûnderwiistaken opdroegen oan de dûmny en de âlderlingen. De gearstalling fan de tsjerkeried lykas wy dy sûnt ieuwen kenne, giet dus werom op de ideeën fan Calvyn. It heucht my noch fan in kolleezje oer tsjerkerjocht, dat de heechlearaar opmurk: de âlderling is de pion dêr't Calvyn de paus 'skaakmat' mei set hat.

Rienk Klooster

Literatuer: O.J. de Jong, *Geschiedenis der kerk*, Nijkerk 1992
Ek is it ien en oar ûntliend oan de webside fan de PKN

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Omtinkers

Doch de lytse dingen goed, mar ferlies it grutte gehiel noait út it each

Breinen binne lykas parasjutes: se dogge it allinne as se iepen steane
James Dewar

It geheim fan it libben is oprjochtens en earlik hanneljen; ast dy sa moai foardwaan kinst, bist keapman
Groucho Marx


As alle minsken deselde kant útgjene, soe de wrâld omfalle

As alle minsken itselde tinke, tinkt der net ien mear wier nei

Minsken binne krekt skiep; wy wachtsje earst om te sjen hokker kant de keppel út giet en dan drave wy der efter oan
Mark Twain

It is gefaarlik om gelyk te hawwen yn saken, dêr't de festige autoriteiten it by de ferkearde ein hawwe
Voltaire

SIDE 16



Jiergong 12
Nûmer 44
Juny 2009
ISSN 1878 - 4348

de Earn

Utjefte fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld

De geast fan Pinkster

Skriptlêzings: Ezechiël 37:1-14 en Hanlingen 2:1-14

Peaske en Pinkster geane yn wêzen oer itselde: oer libben en dea. Mar 'libben' hat wer alles te krijen mei 'geast'. Ik soe gjin bibelferhaal witte dêr't dat sa treflik ûnder wurden brocht wurdt as yn it fisioen yn Ezechiël 37. Oan it wurd is ien fan de grutte profeten út de tiid fan de Babyloanyske ballingskip. De Joaske godstsjinst hat in skiednis fan ieuwen en hat in hiele ûntjouwing trochmakke op de lange geastlike wei dy't de Israëlitien gien binne. In wei fan wrakseljen mei de grutte fragen dy't oproppe waarden troch it libben en troch wat harren as folksmienskip oerkaam. It opmerklike is, dat krekt yn de slimme en drege tiden de meast djipsinnige gedachten ûntstien binne. Sa wurket dat no ienkear yn it libben. Yn slimme tiden geane de minsken iepen en wurde se ûntfanklik. Dan falle de maskers ôf en komt it oan op wat autentyk is en wat echt fan wearde blykt te wêzen. Sa fine wy yn de bibel rûnom spoaren en berjochten fan sa'n geastlike wrakseling.

It fisioen fan Ezechiël

Dat is ek sa yn it bonkeferhaal yn Ezechiël 37. It spilet yn de 6^e ieu foar Kristus, yn de tiid fan de ballingskip. Yn 586 hiene de Babyloanyske legers Jeruzalim mei timpel en al mei de grûn gelyk makke en in grut part fan it folk wie deportearre nei Babyloanje. Wat soks betsjut, is foar ús net foar te stellen. In protte minsken moatte dêrby dearekke wêze en dy't it al oerlibben, hawwe sawat alles efterlitten moatten. Op frjemde grûn fiele se har desoriëtearre. In soad minsken hawwe psychyske skea oprûn, trauma's soene wy hjoed sizze. Yn psalm 137, in liet dat út dy tiid datearret, lêze wy: 'Oan de streamen fan Babel, dêr sieten wy te skriemen, as wy oan Sion tochten. Dêr hongen wy ús lieren oan de wylgen'. Sion, dat is berch dêr't de timpel stie. Dat hillige bouwurk, sintrum fan godstsjinst en leauwen fan Israël, wie plondere en yn de brân stutsen troch de Babyloanjers. Ek Ezechiël hie it allegearre meimakke. En no yn Babyloanje sjocht er it as syn opdracht om syn folksgenoaten mentaal oerein te hâlden. Dat is ek nedich, want in protte minsken sitte folslein oan de grûn. It is tsjin dy histoaryske eftergrûn dat wy it 'bonkefisioen' pleatse moatte.

'De Heare lei de hân op my en brocht my troch syn Geast bûtenút en sette my midden yn de delling. Dy lei fol mei deade bonken'. Men freget jin ôf, wêr't sa'n byld oan ûntliend wêze kin. Ik tink dat dat hiel gewoan in histoaryske eftergrûn hat. Der wiene wolris slaven dy't de woestyn yn flechten en dy't dêr dan it paad bjuster rekken. En in inkelde kear waard der by tafal wolris in keppel fan sokke flechtlingen weromfûn. Oan sa'n makabere fynst, is neffens my dit byld oer dy bonken ûntliend. En dat byld hellet de profeet oan yn de boadskip dy't er hat foar syn folk. Want hy makket him grutte soargen oer harren geastlike tastân. It mei dan wêze dat dizze minsken it oarlochsgeweld en de deportaasje fysyk oerlibbe ha, mar 'de geast' is derút. De minsken binne mismoechich en sitte mentaal djip yn de nederklits. Sadwaande hat de profeet it gefoel dat as er om him hinne sjocht en de stimming beharket, dat er dan yn sa'n delling fol mei deade bonken stiet. Mar dan fielt it ynienen krekt as wurdt der in hân op him lein, wurdt er bewust makke fan de sitewaasje en krijt er de ynspiraasje om te sprekken. It is yndrukwekkend sa't it ferteld wurdt.

'Hy liet my der bylâns gean, der hielendal omhinne; ik seach dat de delling der fol mei lei - safolle wiene der - en dat se slim útdroege wiene. Doe frege Er my: 'Minskesoan wat tinkt dy, kinne dizze bonke wer ta libben komme?' Doe sei ik: 'Heare myn God, dat witte Jo allinne!'

De profeet moat dan wurden sprekke oer dy bonken. Hy seit: 'Toarre bonken, hear it wurd fan de Heare. Dit hat God de Heare tsjin jim te sizzen: sjoch Ik bring de siken by

Yn dit nûmer:

<i>De geast fan Pinkster</i>	1
<i>Nije gedichten fan Eppie Dam</i>	3
<i>Earnewâldster Rûnte 09 / 10</i>	4
<i>Charles Darwin (1809 - 1882)</i>	5
<i>De Fryske Mattéuspassy</i>	6
<i>Nije Earn goed ûntfongen</i>	7
<i>Darwin en Nietzsche</i>	8
<i>Gedicht Willem Tsjerkstra</i>	9
<i>It wûnder fan de wylde weet</i>	11
<i>Het verslag van Brodeck</i>	12
<i>Johannes Calvyn</i>	13
<i>Tsjerketsjinsten Earnewâld</i>	15

Foar mear
ynformaasje:

www.fowe.org

jim der wer yn en jim sille wer ta libben komme. Ik sil wer sinen op jim meitsje en fleis op jim waakse litte, it fel wer oer jim hinne lûke en de siken der wer by jim yn-bringe. Dan sille jim wer ta libben komme en jim sille witte dat Ik de Heare bin'. Dan begjint it te rûzjen en der komt der beweging yn it spul. De bonken passe har ynelkoar, der ferskynt wer fleis, spieren en hûd. In Peaskeferhaal liket it wol: in opstanning! In lichaamlike opstanning noch wol! Mar der skeelt noch ien wêzenlik ding oan an: de siken binne der noch net.

Minsken krije de Geast

'Doe sei Er tsjin my: sprek mei dyn profetewurd de Geast oan, profetearje no Minskesoan en sis tsjin de Geast: dit Hat God de Heare te sizzen: Geast kom út alle fjouwer wynstreken en blaas alle liken de siken yn, dat se wer ta libben komme'. Dat docht de profeet en dan komme de minsken wer ta libben. As wie it Pinkster. Ta beslút komt der dan in ferklearing by dizze makabere bylden. Wy lêze: 'En doe sei Er tsjin my: Minskesoan, dy bonken, dat is ús hiele folk Israël. Hja sizze: ús bonken binne útdroege, ús hope is ferflein, it is dien mei ús! Sis dan: Ik sil jim grêven iepen lizze, jim derút ferrize litte en werombringe nei Israëls grûn. Ik sil jim myn Geast ynjaan en jim sille libje'. Ezechiël 37, in yndrukwekkend en djipsinnich ferhaal. In Peaske- en in Pinksterferhaal tagelyk.

Yn Hanlingen 2, it klassike Pinksterferhaal, lêze wy ek oer minsken de Geast krije en dy't ta libben komme. Want men kin jin yntinke dat dy learlingen fan Jezus nei de ferskinings fan Peaske en Himelfeart ek mei in holle fol fragen efterbleaun binne. Benammen mei de fraach, hoe't it no fierder moat. By guon miskien twifel en ûnsekerheid, by oaren faaks teloarstelling en mismoedigens. Mar op it Pinksterfeest, as it yn Jeruzalim optilt fan pylgers dy't rûnom wei kommen binne om dat feest dêr te fieren, dan bart der ynienen wat bysûnders mei de learlingen fan Jezus. Wy lêze: 'Der kaam ynienen út de himel in gerûs oft der in ferheftigen wyn oanstrûzen kaam; dat klonk troch it hiele hûs dêr't se sieten. Der ferskynde harren wat dat op flammen fan fjoer like, dy't útinoar gongen en dy setten har op elk fan harren del. En se waarden fol fan de Hillige Geast'. Mei oare wurden de learlingen komme oerein, sette har yn beweging en begjinne út te dragen wat se fan harren master heard en leard hawwe. Wat hja te sizzen hawwe, sprekt in soad minsken sa bot oan, dat dy wolle der ek by hearre. En sa ûntstiet dêr dy deis de gemeente fan Jezus Kristus.

De tsjerke kin net sûnder Geast

Wat jin opfalt yn beide ferhalen, sawol yn Ezechiël as yn Hanlingen, dat is de krusiale betsjutting fan de Geast. Dat jildt sawol foar it âlde folk Israël as foar de jonge gemeente fan Kristus. It is om samar te sizzen in kwestje fan libben en dea, fan bestean of net bestean.

Hjoed-de-dei binne der in protte minsken dy't har soargen meitsje oer de takomst fan de tsjerken. Tryste ferhalen kin men beharkje oer fergrizing, efterútging, leechrin ensfh. Sa fan: 'Ús bonken binne útdroege, ús hoop is ferflein, it is dien mei ús!' Ik tink dan: 'As wy dat mar faak en lûd genôch roppe, dêr foaral goed yn leauwe en dat nei bûten ta útstrielje, dan krije wy fêst wol gelyk. Want net ien sil him derta oanlutsen fiele om by sa'n trust selskip te hearren'. En as de tsjerke mei it doel om it eigen ynstitút en de eigen organisaasje noch wat byelkoar te hâlden, oars neat útfine kin as wat op âlde ambylden om te slaan, hieltiten wer krampeftich de klam leit op de âlde learstikken, op âlde (en faak lege) liturgyske formules en fan alles oanbiedt oan tsjinsten dêr't net ien om ferlegen sit, sûnder dêrby te harkjen nei wat der wier oan fragen libbet by de minsken, dan sil it sûnder mis ferkeard ôfrinne. Want ik haw hiel bot it idee dat de tsjerke domwei gjin ried wit mei de fragen fan dizze tiid en dat hja de stoffige antwurden yn it foar al klear lizzen hat. Mar de grutste kwaal dêr't de tsjerke bryk oan giet, koe wolris wêze, dat hja deabenaud is foar de wurking fan de Geast. Dat wol sizze foar entûsjasme, foar kreativiteit, foar spontaniteit in miskien wol foar de grutte fragen dêr't it yn it libben wier om giet.

De minske kin net sûnder Geast

Mar it Pinksterevangelje is net allinne in boadskip foar de tsjerke. Folle wichtiger is it dat wy, elk fan ús yn ús sitewaasje en op ús plak oanrekke wurde troch de Geast. Want der is in soad dat jin deltriuwe kin: de omstannichheden; dingen dy't jin oerkomme en oandien wurde; aaklike minsken om jin hinne; negative ûnderfinings út it ferline, dy't jin pleagje. It freget bytiden in soad moed en krêft om it yn it deistige bestean mentaal op de fuotten te hâlden. Hoefolle pine kin in minske

Tsjerketsjinsten yn Earnewâld

Datum	Tiid	Foargonger	Plak, omskriuwing
21 Juny	11.00 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
28 Juny	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
5 July	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
12 July	09.30 oere	Dra. Y. Hiemstra, Feanwâlden	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
19 July	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
26 July	09.30 oere	Frou Bouwhuis-Minnema, De Jouwer	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
2 Augustus	09.30 oere	De hear P. Hettinga, Frjentsjer	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
9 Augustus	11.00 oere	Ds. H. Wagenaar, Wurdum	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
16 Augustus	09.30 oere	Dhr. J. Koops, Easterwâlde	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
23 Augustus	11.00 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
30 Augustus	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
6 Septimber	09.30 oere	Drs. J. Veenstra, De Rottefalle	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
13 Septimber	09.30 oere	Dr. J. Zonneveld, It Hearrenfean	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
20 Septimber	09.30 oere	Ds. P. Dijkstra, Grou	NL tsjinst, mienskiplik, Griffomearde tsjerke, startsnein
27 Septimber	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
4 Oktober	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
11 Oktober	09.30 oere	Frou R. de Vries-Martini, Drachten	NL tsjinst, mienskiplik, Griff. tsjerke
18 Oktober	09.30 oere	De hear P. Fortuin, Deinum	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
25 Oktober	09.30 oere	De hear van Wieren, Drachten	NL tsjinst, mienskiplik, Griff. tsjerke
1 Novimber	09.30 oere	De hear J. Koops, Easterwâlde	Frysk Oekumenysk Wurkferbân
8 Novimber	09.30 oere	Ds. C.W. Kempenaar, Drachten	NL tsjinst, mienskiplik, Griff. tsjerke
15 Novimber	09.30 oere	Ds. L. Adema, Garyp	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
22 Novimber	09.30 oere	Ds. Boswijk, Snits	NL tsjinst, mienskiplik, Griff. tsjerke
22 Novimber	19.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, mienskiplike betinkingstsjinst yn 'e Herfoarme tsjerke tsjinst mei brea en wyn, lêste snein tsjerklik jier

Kopij foar de folgjende Earn

Kopij foar de folgjende Earn kin foar 25 septimber 2009 ynlevere wurde by Tine van Minnen (E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl). De redaksje is der tige wiis mei dat wy fan alle kanten goeie bydragen krije foar de Earn, mar de romte is fansels beheind. Der moat dus wol ris ynkoarte wurde en der wurdt ek kritysk nei sjoen oft in artikel wol past yn de redaksjonele opset fan it blêd. Ek ynstjoerde stikken ensfh. stelle wy tige op priis ynklusyf jim reäksjes op artikels yn dizze Earn, de nije opmaak ensfh. Wy wolle elkenien en benammen de nije abonnee's betankje foar alle positive reäksjes, dy wy krigen hawwe op it earste nûmer fan de nije Earn.

De redaksje

*as de tsjerke (. . .)
oars neat útfine kin
as wat op âlde
ambylden om te
slaan, hieltiten wer
krampeftich de klam
leit op de âlde
learstikken, op âlde
(en faak lege)
liturgyske formules
(. . .), sûnder dêrby
te harkjen nei wat
der wier oan fragen
libbet by de minsken,
dan sil it sûnder mis
ferkeard ôfrinne.*



De Saint Pierre katedraal
fan Genève
boarne: Wikipedia

protestantske liturgy. Yn 1539 ferskynde in earste psalmboek mei 18 psalms en in stikmannich gesangen. It jier dêrop ferskynden der formulieren foar de betsjinning fan Doop en Nachtmiel en ek de earste bibelkommentaren.

Twade perioade yn Genève

Neidat de bestjoerlike ferhâldings yn Genève feroare wiene, waard Calvin dêr yn 1541 op 'e nij dûmny en hy soe dêr oant syn dea ta bliuwe. Hy pakte fuortendaliks de tried wer op en begûn mei it gearstallen fan in tsjerke-oarder. Op grûn fan gegevens út it Nije Testamint kaam er ta fjouwer bysûndere amten foar it tsjerklike libben:

1. doktors (*doctores*) oftewol leararen foar it ûnderrjocht oan studinten teology en de oplieding ta it dûmnyskip;
2. dûmnys foar it foargean yn de earetsjinsten, d.w.s. it preekjen en it betsjinjen fan doop en nachtmiel;
3. âlderlingen foar it hanthavenjen fan de tsjerklike tucht, dat wol sizze tafersjoch hâlde op lear en libbenswannel fan de leden fan de gemeente;
4. diakens, belêste mei de soarch foar de earmen.

Yn 1559 rjochte Calvin in akademy op mei it doel om dûmnys op te lieden.

Theodorus Beza waard de earste rektor, mar Calvin joech sels ek ûnderwiis.

Sa waard Genève in wichtich sintrum foar de reformaasjebeweging yn Europa.

Rûnom wei kamen de studinten om yn Genève te studearjen en om dêrnei yn har eigen fermidden it gedachtegoed fan Calvin út te dragen. Under harren wiene:

John Knox (Skotlân);

Marnix fan Sint Aldegonde (Nederlannen) en

Caspar Olevianus (Dútsklân).

Betsjutting

It sil dúdlik wêze dat de betsjutting fan Calvin grut west hat. Benammen yn Frankryk, Nederlân, Skotlân, Hongarije en Zevenburgen (Roemeenje) hat de kalvinistyske reformaasjebeweging grutte ynfloed hân. Mar ek op frijwat plakken yn Michigan hat it protestantisme in kalvinistysk karakter. Yn ús leauwen en tinken binne wy dan ek frijwat kalvinistysker as wy wolris tinke. As wy de dingen ris op in rychje sette, dan komme wy ta in tal wichtige punten, dy't o sa werkenber binne. Calvin hat brutsen mei it roomsk-katolisisme. Dat betsjut gjin gesach mear fan de paus, gjin biskoplike hiërargy, gjin misse, gjin hilligen en hilligefeesten, gjin bylden en krusen ensfh.

Ynstee dêrfan in tige sobere ynrjochting fan de tsjerke, in hiele oare liturgy en in prinsipiële oare tsjerke-oarder. Ynstee fan it alter en de misse mei syn fêste liturgyske ûnderdielen, stie de preekstoel sintraal mei dêrop de bibel.

Yn de earetsjinst kaam de klam te lizzen op de skriftlêzings en de útlis dêrfan: de preek. Ynstee fan it Latyn waard by alle ûnderdielen fan de tsjinst de folkstaal brûkt. Ynstee fan fêste liturgyske gebeden, kaam it gebed dat net bestie út fêste formulearrings, mar út wurden dy't net standert wiene, mar fansels wol mei soarch opsteld.

Ynstee fan koarsang mei oargelbegelieding kaam de gemeentesang ûnder lieding fan in foarsjonger. It is opmerklik, dat de liturgyske fersobering safier gong, dat it oargel net langer spylje mocht yn de earetsjinst. Oargelmuzyk achte men in 'wrâldske' oangelegenheid. Der waard wol oargelspile, mar net yn de tsjinst.

Dat is op guon plakken sa bleaun, sels oant yn de 19^e ieu ta. Wat songen waard, wiene bibelske lieten: de 150 berime psalms en in tal gesangen ûntliend oan bibellieten.

Ynstee fan de roomske bycht kaam it fêste ûnderdiel fan de kollektive skuldbelidenis en genedeferkundiging. Ek waard it steefêst lêzen fan de Tsien Geoaden ynfierd. Fan de sân sakraminten bleaun allinne doop en nachtmiel oer.

Fan eucharisty nei nachtmiel

It nachtmiel hie by Calvin in wat oare betsjutting as de roomske eucharisty.

Yn de roomske teology is it sa dat Jezus Kristus wierliken presint is yn brea en wyn (*praesentia realis*). Calvin learde dat brea en wyn gewoan brea en wyn bliuwe, mar dat de Hear yn de geast oanwêzich is by dejingen dy't leauwe. Calvin sels hie yn Genève it nachtmiel graach alle wiken fiere wollen, mar de tsjerkeried fûn ienkear yn de moanne wol genôch. Omdat der yn de stêd fjouwer tsjerken wiene, wist Calvin it sa klear te krijen dat alle wiken op ien plak yn de stêd in fiering mei brea en wyn hâlden waard. Sadwaande wie elkenien yn de gelegenheid om alle sneinen it nachtmiel mei te meitsjen.

Twa nije gedichten fan Eppie Dam

Takom hjerst sil de nije fersebondel fan Eppie Dam ferskine, *Blausucht* neamd. De Friese Pers Boekerij sil de bondel útjaan. De dichter hat it manuskript printree makke en ús as redaksje fan de Earn it genoegen jûn in kar te meitsjen út de fersen. Wy pleatse twa fersen mei tank oan de dichter.

BATSJËBA

Rembrandt, Badende Vrouw (1654)

Read en giel ha ik dien wurk
jûn, yn kalme fâlden sakje litten
de ploaien wurch fan mij
in hiele dei fertoane en op fuotten hâlde.

Myn skouders tille net oan 't himd
dêr't ik mijsels yn loslit, mij oerjou
no't ik op myn neakenst bin, ûnwittend
fan it each dat him yn mij ferdjippet.

Gjin aan fan 't ljocht dat op mij falt,
gean mij gjin kleuren op en ôf.
It wetter spegelet myn blankens -
it wetter, oars sjocht mij net ien.

DE TIID ÚT

Leon Adriaans, Liefdeskus (1995)

fan in tút
in tintsje bouwe

en oan in tintsje
genôch ha
om te wenjen

oan twa mûlen
genôch
om fan te iten

fjouwer lippen
genôch
om fan te drinken

ien adem genôch
om op in stille jûn
de wyn te wekjen

fan in tút
in tintsje bouwe

ien seil ien siel
genôch en lit it driuwe

genôch genôch
en lit it sa bliuwe

op it skouke
fan myn ûnderearm

far ik dij
fier ik dij

de tiid út

de geheimen
fan de nacht yn

Leon Adriaans

Yn in selskeazen isolemint, los fan de offisjele keunstwrâld, beskildere de Brabânske skilder/boer Leon Adriaans (1944-2004) feefoerpûden, seildoek en rûge planken. Syn tema's fûn er ticht by hûs: it plattelân, it boerelibben, syn Belgyske hynders en syn downen. Dochs wiene se oars net as in fertrekpunt foar de keunstner, dy't socht nei it eksistinsjele en universele yn syn ûnderwerpen. Of, sa't er sels skreau: "De levensader zelf, de onbereisde gebieden van de ziel, de zoektocht naar inzicht." Dat sykje utere him yn bûnte, direkte skilderijen mei grutte sizzenskrêft. Se litte eufory sjen, treaten en ferjouwing, it skeppende fjoer en de skildershel. "Een kwaststreek om in het holst van de nacht te schreeuwen zonder stem."

*tsjerketsjinsten
yn de folkstaal:
sa Calvinistysk
is Fryslân
dochs noch net*

ferdrage? Sadwaande ha wy ek yn ús persoanlike libben, de ynspiraasje fan de *ruach* 'elohim, de geast fan God, de geast fan Kristus mear as nedich om echt te libjen. Om jin doelen te stellen, positive útdagings te finen, de sin yn it libben en de sin oan it libben te bewarjen.



De Hillige Geast lit him fanâlds al net bine oan fêste patroanen en ynstituten. De Geast wurket oeral. De Geast wurket yn de stilte, yn de meditaasje. Yn de skientme fan de natuer, de sfear, de kleuren, de lûden, de rook, de yndrukken. Mar de Geast wurket benammen yn en troch minsken. Yn wat minsken foar elkoar betsjutte kinne. Minsken dy't der binne op it goeie momint, dy't goeie dingen sizze: mei wurden, mar ek sûnder wurden. In eachopslach, in gebeart. De Geast wurket yn in goed petear, in petear fan hert ta hert; yn in goeie diskusje; oeral dêr't minsken elkoar moetsje, mar dan ek wier moetsje; oeral dêr't minsken elkoar opheine en oerein helpe. De Geast wurket yn in goed ferhaal, yn goeie analyze, yn in keunst-wurk, yn in gedicht, in goed boek. Mar de Geast wurket ek yn it genietsjen fan in goed miel, in goed glês wyn. De Geast hat te krijen mei it goeie libben, mei sin en doel. Mei ljocht en libben, mei takomst en optimisme, mei wat de joaden elkoar tawinskje as se elkoar moetsje: 'Sjaloom aleichem', 'frede mei jimme!'. Frede yn de sin fan: it goede fan it libben lykas God it bedoeld hat. 'Myn Geast sil ik jim ynjaan en jim sille libje!' Dat is Pinkster!

Amen

Rienk Klooster

Earnewâldster Rûnte: program 2009 – 2010

It tal minsken dat har opjûn hat foar de Earnewâldster Rûnte fan it kommende winterskofft, begjint al wer aardich op te rinnen. Dêrom foar de minsken dy't har noch net opjûn hawwe, of it program noch net sjoen hawwe, ûndersteand noch even in koart oersjoch fan it program en hoe't opjefte mooglik is. Foar it jier 2009 - 2010 hat de Earnewâldster Rûnte as tema keazen:

'Religy as betwongen eangst'

29 septimber 2009 Dra. Yvonne Hiemstra en Gerrit Breteler
Mei muzikale stipe fan Gerrit Breteler sil Yvonne Hiemstra it tema yn romme sin ferkenne (dizze lêzing is yn it Frysk).

27 oktober 2009 Prof. dr. Cees den Heyer
Oer joadsk-kristlike apokalyptyske literatuer en wrâldbyld. Eangst foar de kweade machten stiet yn de apokalyptyske literatuer sintraal. Sy helje har hope út de oertsjûging dat de ein tichteby is - lykas ek Jezus en Paulus.

24 novimber 2009 Prof. dr. Cees den Heyer

12 jannewaris 2010 Dra. Aleid Schilder
Om 't wy bang binne foar it ûnbekende ha wy religy ûntwurpen as hâldfêst.

16 febrewaris 2010 Dr. Sytze Ypma
Lêzing oer depressive eangst en leauwige, eangstfrije rûnte.

2 maart 2010 Lija Hirsch, Gertru Pasveer, Peter de Leeuw en Nico ter Linden 'Chassidische verhalen en jiddische liederen'
Ferhalen fan de chassidien, Joadske wysheidsleararen yn it East-Europa fan benammen de 18^e en 19^e ieu. Dizze jûn is op in oar plak: restaurant It Bûtenplak yn Earnewâld.

Yntekening (foar de hiele searje) kin allinne troch € 30 (de man/frou) oer te meitsjen op banknûmer 29.89.25.664 op namme fan 'Earnewâldster Rûnte' yn Aldwâld, mei fermelding: seizoen 2009 - 2010. It definitive program wurdt jim ein augustus tastjoerd. Om't wy de lêste jûn net yn de Griffomearde tsjerke hâlde, mar yn It Bûtenplak, ha wy mear plakken ta ús foldwaan as oars. Wy noegje jim dêrom út om famylje, freonen en kunde te freegjen om mei te kommen nei dizze spésjale jûn. Oanmelding kin troch it oermeitsjen fan € 10 de man/frou op bankrekken 29.89.25.664 fan de Earnewâldster Rûnte yn Aldwâld, mei as fermelding: gast(en) 2 maart 2010. De tagongsbewizen wurde dan yn febrewaris 2010 tastjoerd. Kontakt: Tine van Minnen, 06 - 20 60 04 09, E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Johannes Calvyn (1509-1564)

2009 is útroppen ta Calvyn-jier, om't it dit jier 500 jier lyn is, dat de grutte reformator Johannes Calvyn berne is. Gauris wurdt er yn ien sike neamd mei Maarten Luther, mar nei alle gedachten hat Calvyn wol de grutste teolooch west dy't fuortkommen is út de Reformaasje. Op 31 maaie, Pinkstersnein, hat der in wichtige betinkingstsjinst west yn de Saint Pierre yn Genève, mar rûnom wurdt der dit jier omtinken jûn oan de betsjutting fan Calvyn foar tsjerke en teology. Om't wy mear troch him beynfloede binne as wy ús ornaris bewust binne, like it my fan belang om yn dit nûmer fan *De Earn* ek omtinken te jaan oan dizze grutte Frânskman en de ynfloed dy't er hân hat, op it protestantisme, benammen ek yn de Nederlannen.

Berte en oplieding

Jean Calvyn is berne op 10 july 1509 yn Noyon, in stêd yn in noarden fan Frankryk. Calvyn wie de soan fan Gérard Cauvin en Jeanne Lefranc: de fjirde fan seis bern. Nei it earste hûsûnderrjocht en in jongesskoalle yn Noyon waard er yn 1523 foar ferfolchûnderwiis nei Parys tastjoerd. Hy bedarre dêr ynearsten op it Collège de la Marche, dêrnei op it Collège Montaignu. Hjir krige er benammen ûnderwiis yn Frânske en Latynske letterkunde. Syn heit hie yn it sin dat er dêrnei teology studearje soe, mar it waard in rjochtstúdzje yn Orléans (1528) en Bourges (1529). Yn 1532 waard er doctor yn de rjochten yn Orléans.

Yn dyselde snorje ferlatinisearre er syn namme Jean Cauvin yn Iohannes Calvinus. Dizze latinisearre foarm waard yn it Nederlânsk Johannes Calvijn en yn it Frysk meitsje wy der mar Johannes Calvyn fan.

Yn 1532 ferskynt Calvyn syn earste boek, in kommentaar op *De clementia* fan de filosoof Seneca. Yn dy publikaasje, dy't dúdlik in hulde wie oan Erasmus, komt er noch nei foaren as in humanist, dat wol sizze immen dy't dan wol Roomsk-katolyk is, mar tagelyk beynfloede troch de gedachtewrâld fan de Grysk-Romeinske filosofy, keunst en literatuer. Dat soe lykwols hurd feroarje.

Bekearing

Op 1 novimber 1533 die bliken dat Calvyn de reformatoaryske kant oergien wie. De rektor Nicolaas Cop hie foar syn rektorale rede in berop dien op help fan syn freon Johannes Calvyn. Yn dy rede kamen frijwat sitaten foar, net allinne fan Erasmus, mar ek fan Maarten Luther. Nei oanlieding fan dy rede moast Calvyn út Parys weiflechtsje. Hy hie him bekeard ta de reformaasjebeweging dy't op dat stuit yn Europa geande wie. Hy swalket dan in skoft om yn Frankryk, leit kontakten mei in tal minsken dy't foar him fan belang wêze sille, nimt in skûldnamme oan en begjint te studearjen. Syn teologyske ideeën begjinne dan fêstere foarmen oan te nimmen. Yn 1535 bedarret er yn Bazel, dêr't er de reformatoaren Heinrich Bullinger en Guillaume Farel moetet. Yn 1536 ferkynt de earste edysje fan syn bekende haadwurk *Institutio Religionis Christianae*. Dit boek sil syn libbenswurk wurde. Nei it earste ferskinen dêrfan sil er der noch jierrenlang oan wurkje en der oanfolgings en útwreidings oan taheakje. Der ferskine in twade, tredde en fjirde printinge fan dit wurk, sawol yn it Latyn as yn it Frânsk. De fjirde en lêste printinge, in trijedielich wurk, yndield yn tachtich haadstikken, ferskynt yn 1559, fiif jier foar syn dea.

Earste perioade yn Genève

Yn 1536 reizget Calvyn nei Genève. Farel hie syn help ynroppen by de reformaasje yn dy stêd en Calvyn besjocht dit as in ropping fan God. Calvyn is fan betinken dat reformaasje net allinne om de geastlike kant giet, mar dat ek it iepenbiere libben dêrby oanpast wurde moat. Neidat hy en Farel in kategismus en in leauwensbelidenis opsteld hiene, woene se dat alle ynweners dy stikken ûnderskriuwe soene. Doe't dat ta in konflikt kaam mei it stêdsbestjoer dat gâns liberaler wie, waarden de beide reformatoaren út Genève ferballe.

Straatsburch

Calvyn reizge doe nei Straatsburch, dêr't er troch tadwaan fan syn freon en reformator Martin Bucer dûmny waard by de Frânske flechtlingegemeente yn dy stêd. Hy soe dêr oant 1541 ta bliuwe. Bucer hie yn dy jierren in grutte ynfloed op him. Johannes Calvyn trout dêr mei Idelette de Bure. It jonkje dat hja yn 1546 krije soene, ferstoar al gau nei de berte. Yn Straatsburch begûn Calvyn te wurkjen oan in



Johannes Calvyn,
53 jier âld,
nei in gravuere fan
René Boyvin
boarne: Wikipedia

Het Verslag van Brodeck

It lêzen wurdich: 'Het Verslag van Brodeck' fan Philippe Claudel

It is faak sa, dat minsken yn de fakânsjes mear lêze as yn oare tiden fan it jier. No't de fakânsjetiid wer yn 't sicht komt, wol ik jim wize op in yndrukwekkend boek. Philippe Claudel (berne yn Frankryk, 1962) is in skriuwer dy 't ûnderskieden is mei in grut tal prizen. Njonken skriuwer fan boeken is er ek filmregisseur. Yn 2003 waard er bekend by it gruttere publyk.

'Het Verslag van Brodeck' (útjouwerij Bezige Bij 2008) is syn lêste roman. Yn dit boek beskriuwt Claudel hokker ynfloed de komst fan in frjemdling op in lytse doarpsmienskip hat. Sûnder genede en mei de skerpte fan in swurd lit Claudel sjen ta hokker ferskriklike dingen minsken yn steat binne wannear 't se 'befongen' wurde troch de eangst dy't it frjemde opropt. De minsken dy 't by de lêzings fan de Earnewâldster Rûnte west hawwe it ôfrûne winterskoft, sille guon ûnderwerpen fan de sprekkers oer it kwea werkenne. Ek is it in aardige opstap nei it tema foar 2009 - 2010: religy as betwongen eangst.

De gronology fan it boek wurdt bepaald troch te begjinnen by it ein: de earste bylden litte sjen hoe 't de minsken de ferteller by harren ûntbiede en hoe 't hy de opdracht kriget it ferhaal op te skriuwen fan wat neamd wurdt: 'it foarfal'. Dizze troch Brodeck neamde 'Ereignis' is de moard dy 't pleegd is op de frjemdling, yn it boek de 'Anderer' neamd. De eangst foar it frjemde, troch kollektive en sosjale prosessen ta in klimaks dreun, komt ta in útbarsting yn de moard op de Anderer, in minsk dy 't sûnder dat er it wurdich wie in namme te dragen, de dea fine moast.

De roman fan Claudel liend him foar in fergelyk mei datjinge dat op gruttere skaal plak fûn hat tidens de Shoah:

"Ik was meer het slachtoffer geworden van andermans angst dan van hun haat, of van enige andere emotie. Omdat de angst sommige mensen naar de keel vloog, werd ik uitgeleverd aan de beulen, en die beulen, mannen die vroeger net als ik waren geweest, waren zelf ook uit angst in monsters veranderd; de angst had het zaad van het kwaad dat ze in zich droegen, dat wij allemaal in ons dragen, in staat gesteld om te ontkiemen. (side 238)"

'Het Verslag van Brodeck' is yngeand, beklemmend, pynlik werkenber en lit jin tinke oan boeken as 'It Slot' en 'It Proses' fan Franz Kafka. Hoe komt it, dat it ûnthâld fan de iene minske saken en foarfallen bewarret, dy 't oaren ferjitte of sels noait sjoen hawwe? Yn in doarp dêr't minsken besykje mei-inoar troch te tiid te kommen yn in soarte fan wapene frede, besykje se de yn har eagen gefaarlike eleminten te beswarren of ûnskealik te meitsjen. Dat alles yn it belang fan it fuortbestean fan de mienskip. It kollektive belang giet boppe dat fan de yndividuele minsk. Dat dit yn kombinaasje mei eangst ta gefaarlike situaasjes liede kin, lit it boek fan Claudel op skerpsinnige wize sjen.

Neffens guon kritisy hat Philippe Claudel mei 'Het verslag van Brodeck' in masterwurk kreaun. Fleurich wurde jo der faaks net fan. Mar de muoite fan it lêzen is it grif wurdich!

Yvonne Hiemstra

Omtinkers

Dy 't loslitte kin, hat twa hannen frij

Wês de earste om dyn eigen goeie ried op te folgjen

Stoarmen ha ien foardiel: jo witte yn alle gefallen wêr 't de wyn weikomt

Foar alles is der in goed momint om der mei op te hâlden

Skaad bewiist, dat it ljocht bestiet

Somtiden is it minder slim om te ferliezen, as om noait hân te hawwen

SIDE 12

Charles Darwin (1809 – 1882) de evolúsjeteory en de bibelske skeppingsberjochten

Op 12 febrewaris fan dit jier wie it twahûndert jier lyn dat Charles Darwin berne is. Sadwaande is 2009 dan ek útroppen ta Darwin-jier en wurdt der folop omtinken jûn oan wurk en libben fan dizze ynfloedrike wittenskipper. Darwin hat mei syn evolúsjeteory net allinne fan grutte betsjutting west foar de biologyske wittenskip, mar it hiele tinken is troch him beynfloede.

Charles Darwin kaam út famylje fan medisy en sadwaande lei it foar de hân dat hy yn dy tradysje fierder gean soe. In grut probleem wie dat er der net oer koe om bloed te sjen en dêrby hie er folle mear belangstelling foar alderhande ferskynsels yn de natoer. Op oanstean fan syn heit, dy't graach woe dat syn soan goed te plak kaam, hat er doe teology studearre mei it doel om dûmny te wurden yn in lytse plattelângemeente. Dêr soe er genôch tiid oerhâlde om him dwaande te hâlden mei de biology en de geology. De teologyske stúdzje brocht er ta in goed ein, mar it dûmnyskip lake him net ta. Syn hert lei dúdlik earne oars.

De reis mei de Beagle

Yn 1831 is er yn de gelegenheid om de *Beagle*, in reis om de wrâld te meitsjen. De reis mei de sylboat soe fiif jier duorje. Darwin dy't hielendal net fan farren hâlde en in soad lêst fan seesykte krije soe, naam ûnderweis eltse gelegenheid te baat om op ûndersyk út te gean. De boat fear earst út Plymouth, in haven yn it suden fan Ingelân, de Atlantyske Oseaan oer nei de eastkust fan Súd-Amearika; doe fierder nei it suden om Kaap Hoarn hinne; dêrnei wer nei it noarden by de westkust lâns. Fia de Galápagos-eilannen sylde de *Beagle* de Grutte Oseaan oer nei Austraalje en fan dêr wei oer de Yndyske Oseaan nei de kust fan Súd-Afrika. Doe de Atlantyske Oseaan oer, wer nei de westkust fan Súd-Amearika en fan dêrwei op hûs oan nei Plymouth.



De reis fan de Beagle

Darwin hat ûnderweis de eagen folop de kost jûn. Oeral dêr't er kaam hat er safolle as er mar yn de gelegenheid wie de natoer observearre: de planten, en de fossilen (ôfdrukken en oerbliuwsels fan libbensfoarmen dy't útstoarn binne). Mar ek hat er it lânskip yn him opnommen en de geologyske ferskynsels dy't dêr te sjen wiene. In protte oantekens hat er makke en ek tekeningen. Mar boppedat hat er in soad neitocht oer wat er seach en hat er besocht om ferbannen te lizzen tusken it iene en it oare. En dat lêste brocht him ta belangrike ynsjoggen dêr't er tige ferneamd om wurde soe. Werom yn Ingelân skreau er in ferslach, dat yn 1839 útjûn is ûnder de titel *The voyage of the Beagle*.

1859: On the origin of species

Darwin wie dus hielendal net in grut gelearde, gjin professor of sokssawat, mar hy wie wol ien dy't de natoer om him hinne hiel skerp beseach en beriddenearre. Sadwaande hat er yn wêzen de boustiennen levere foar de teory, dat de iene libbensfoarm yn in stadich feroaringsproses út de oare ûntstiet: de evolúsjeteory. Dy teory is net troch Darwin sels útfûn. Dy waard om 570 foar Kristus hinne al ferkundige troch de Grykske tinker Xenophanes. Mar wol hat Darwin troch syn skerpe observaasjes de ûnderbouwing levere, dêr't de evolúsjeteory op stuolet. Om 't er seach hokfoar fiergeande konsekwinsjes as syn teory hie, skille er derfoar

SIDE 5

De Fryske Mattéuspassy

In wike nei de útfieringen fan de Fryske Mattéuspassy ha ik in soarte fan “neibetrachting” skreaun.

Doe't ik hearde fan it idee fan Eppie en Gerben wie ik tige benijd. Hoe soe dat wêze? Ik woe it wol ûndergean en hoe koe dat no better as as koarsjonger? Ik ha it witten. Ik koe de Mattéuspassy hiel goed, as jonkje bin ik der fan hûs út mei opgroeid. Mar no foar it earst meisjonge en ek noch yn it Frysk: in bûtenkâns. En ek noch mei myn beide susters, skoansuster, nicht en broer Gerben as dirigint. In famyljebarren. Muzikaal wie it dik yn 'e oarder: in goed koar, in goed orkest, goede solisten, spontane bernestimmen en in goede dirigint, wat wolle je noch mear. En dan de tekst, tsjonge wat kaam dy nei oan. Sa't ds. Gerrit de Haan skriuwt yn in brief yn de Ljouwerter Krante: “*Het was zo overrompend dat we er als nieuwe getuigen werden bijgesleept*”. De muzyk allinnich jout al genôch emoasje en dêr kaam no ek noch de emoasje fan dizze Fryske tekst by, ja it wie in “heftich” passy-wykein en ik hie it net misse wollen.

Oefening yn spiritualiteit

De tiid foar Peaske belibje ik altyd as in “fjirtichdagetiid”, in tiid fan besinning oer it libben, fan ynkear. Dat krige fan 't jier in ekstra diminsje. En dêrmei krige dizze Fryske Mattéus wer wat mear syn “liturgyske” funksje werom. Want wat is liturgy no mear as it libben fiere, der by stilstean, mei al syn hichte-, en djiptepunten sa't elk mins dy meimakket. Under it sjongen seach ik in protte famylje en kunde en ik seach dat sy dat ek sa belibben en ik fielde mei. Myn frou Marianne en ik moeten elkoar in skoftke nei it slotakkoard en oars prate we altyd fuort oer de útfiering, mar no hiene we efkes gjin wurden, elkoar allinnich mar efkes fêsthâlde, sa hie it ús rekke. Yn in artikel yn it tydskrift “Eredienstvaardig” skriuwt Jean-Jacques Suurmond dat de wei fan de liturgy de wei fan it offer is. Ik kin my yntinke dat Jan Rot en Eppie Dam it miskien sa ek wol ûnderfûn ha: it wrakseljen mei de tekst en de disipline om it fol te hâlden, in pylgertocht, in oefening yn spiritualiteit. En dat jildt ek foar ús as koarsjongers: mei de dirigint en de solisten ha wy ek in soarte fan spirituele reis makke. De argewaasje foarôfgeand oan de útfieringen hat ek in ûnderdiel west fan dizze spirituele reis. We sille it wol nea iens wurde. De teologyske ferskillen binne te grut, liket it wol.

It lêste koraal fan it earste diel is yn de taal fan Picander, de tekstdichter fan de Mattéuspassy sa't Bach dy komponearre hat, “O, Mensch bewein dein Sünde gross”. Dat is de barokke fisy, sa't teolooch Herman Wiersinga seit yn in fraachpetear yn Trouw (4-4-2007). “Jezus sterft voor onze zonden”. Jan Rot/Eppie Dam meitsje dêrfan: “O mins, beskriem dyn eigen soart”. Jezus is hjir net mear de ferlosser, mar in foargonger dy't ús meinimt. De alt sjongt yn de aria 60: “*Frede! Jezus rikt de hân nei elk mins yn stêd en lân*”. Yn aria 20 sjongt it koar: “*hy ropt ús ien foar ien*”. Wat wie dat in moai stik om te sjongen, it leit wol sa moai yn de noaten fan Bach, as hied er it foar dizze tekst komponearre.

It krús moatte we mei syn allen drage, elk is part fan it lijen en ûnrjocht, dat moatte we mei-inoar út de wrâld helpe. Dat wykt nochal ôf fan de tsjerklike teology en dêrmei wie it ien fan de aspekten dy't sa'n argewaasje joegen om dizze Mattéuspassy hinne. Jan Rot/Eppie Dam ha in frijmoedige ynterpretaasje fan it evangelje skreaun mei help fan de muzyk fan Bach. En dy frijmoedichheid leit ús Friezen wol wat, is 't net sa?

Barack Obama

Ik kin it net helpe, mar ik fyn op 't stuit Barack Obama sa'n “foargonger” dy't dat besiket. Ik wit, it is wol wat nayf en ik jou him miskien ek wol wat tefolle “messiaanske trekjes”, mar ik belibje it wol sa. Ik sitearje út syn Ynagurele rede:

Wy bliuwe in jonge naasje, mar sa't de Bibel ek seit, it is tiid om út de bernskuon te stappen. De tiid is ryp om mei ús net ôflittende enerzjy te kiezen foar in better tiidrek yn de takomst, om dat geskink, dy nobele gedachte dy't fan generaasje op generaasje oerdien waard: it boadskip troch God ynjûn dat alle minsken gelyk binne, alle minsken frij binne en alle minsken it rjocht hawwe om har kânsen te realisearjen en te stribjen nei lok yn alle folsleinens. Tagelyk mei it op 'e nij klam lizzen op de gruttens fan ús naasje, realisearje wy ús dat gruttens nea in jefte is. It moat fertsjinne wurde.

Dêrby is it sa dat de natoer it oan tiid hat en dat ferklearret ek, wêrom oft fossile libbensfoarmen út in fier ferline sa bot ferskille kinne fan de hjoeddeiske.

Kaartehûs


Darwin hie dit ûntdutsen en seach wat de konsekwinsjes wiene foar wittenskip en leauwen. Hy wie teolooch en wist mar al te skoan hoe't de teology basearre wie op it gesach fan de bibel, dêr't in ferhaal yn foarkaam (Genesis 1), dat fertelde dat de ierde skepen wie yn seis dagen. Hy wist ek dat neffens datselde ferhaal de minske troch God op de sechsde dei skepen wie as de kroan wie op de godlike skepping. Yn *The Origin of Species* hat Darwin it dan wol net oer de ôfstamming fan de minske (dêr soe er letter oer skriuwe), mar hy seach wol dat syn ideeën ek datoangeande fiergeande konsekwinsjes hiene en dat de hiele bibelske skeppingslear gjin wittenskiplike wearde hie en as in kaartehûs ynelkoar falle soe.

Doe't it boek yn 1859 ferskynde, wie de earste oplage yn ien dei útferkocht. It waard in bestseller, dy't noch altiten fannijs printe wurdt en yn alderhande talen oerset is. Want it is echt in hiel orizjineel en magistraal wurk. Net allinne de hiele biology is sûnt 1859 fan karakter feroare, mar de evolúsjeteory hat it hiele tradisjonele wrâldbyld oantaast en feroare, ek it byld fan de minske. Neffens de evolúsjeleare is de hiele werklikheid om samar te sizzen ien grut systeem, dêr't alles mei alles gearhinget en dat tagelyk yn ien grut feroaringsproses sit, in proses fan hûnderttûzenen, ja sels fan miljoenen jierren. Dat binne boeiende gedachten, mar wol gedachtegongen, dêr't men oan wenne moat. Benammen as men grutbrocht is mei de bibelske skeppingsferhalen. Mar oer de ferhâlding skepping en evolúsjy wol ik it in oare kear ha.

Rienk Klooster

Literatuer:

Charles Darwin, *The Origin of species*, útjefte Wordworth 1998; Nederlânske oersetting *Het ontstaan van soorten*, útjefte Olympus 2006; A. Desmond en J. Moore, *Darwin. De biografie*, útjefte Nieuw Amsterdam, 1991; C. Buskes, *Evolutionair denken. De invloed van Darwin op ons wereldbeeld*, Amsterdam 2006.



Karikatuer fan Charles Darwin


Fan wylde weet nei streksum brea

It wûnder fan de skepping, oft it no troch natuerlike seleksje is of troch de stjoerende hân fan God, hâldt noait op mei jin te ferwûnderjen. As wy bygelyks bôle besjogge en de wei werom geane fan nije, farske bôle, in ûne (NL: oven) mei fjoer, it meallen fan it moal, it terskjen fan de kerl, de rispinge en it sichtsjen, it waaksen fan it nôt, it siedzjen fan it sied, dan is it krekt as docht de minske alle wurk.

Yn Science (nûmer 316 út 2007) stiet in artikel fan Elbaum et al. dy't ûndersyk dien hawwe nei de wylde weet. As wy de wylde weetkerrel ûnder de mikroskoop besjogge, dan is dy foarsjoen fan hiele lytse 'burdhierkes' mei hiele lytse heakjes. As de siedkerrels op de grûn falle, tusken de lytse en grutte sânkerrels yn, dan bart der in lyts wûnderke.

Droechte oerdei spriedt earst de lange burdhierren en troch de fochtigen nachts en moarnsier komme se wer byinoar (sjoch de ôfbylding). Alle heakjes meiïnoar sette har dan sa ôf tsjin de grûnstruktuer, dat de fektorkrêften de weetkerl djipper de grûn yn lûke. Hoefolle tûzenen jierren fan natuerlike seleksje soe it koste hawwe, foardat it systeem sa moai wurke? En noch witte wy net hoe't dy kerl no krekt tynt.

Dizze passende bydrage foar dit 'Darwin-nûmer' krigen wy fia ús 'wittenskiplik meiwurker' en abonnee Freark Dijk út De Rottefalle.



ferfolch fan side 5

tebek om dy te publisearjen. Want sa'n publikaasje soe in hiel soad losmeitsje kinne oan wjerstannen en in revolúsje feroarsaakje kinne op alderhande gebied. Pas doe't er yn de gaten krige dat oaren oan de haal gean soene mei syn ûndersikings en der oer publisearje soene, ferskynde yn 1859 syn ferneamde *The Origin of Species*. De folsleine titel is *The Origin of Species by Means of Natural Selection. Or the Preservation of Favoured Races in the Struggle for Life* (It ûntstean fan soarten troch natuerlike seleksje. Of it behâld fan de befoardiele rassen yn de striid om it libben). It is opmerklik dat Darwin it wurd *evolution* yn syn boek net brûkt. Allinne yn de slotsin brûkt er it wurd *evolved*, in tiidwurd dat 'ûntjaan', 'ûntwikkelje' betsjut.

Darwin syn boek makke al fuortendaliks doe't it ferskynde yn 1859 in hiel soad los. Yn de wrâld fan de natoerwittenskippen waard it hiel goed ûntfongen, want de arguminten wiene tige ûnderboud troch empirysk ûndersyk: troch skerpe waarnimming en refleksje. Op guon punten is syn teory fansels wol bysteld, mar hjoed-de-dei is de hiele biologyske wittenskip net mear foar te stellen sûnder de evolúsjelear. De evolúsjelear bringt der gearhing yn, leit ferbân tusken it iene en it oare. En lettere ûndersikings befêstigje allinne mar de teory fan Darwin. Protest kaam fan de kant fan de tsjerken. De ideeën fan Darwin wiene omers yn striid mei de bibelske skeppingslear. De tsjerke hie libje kinnen mei de âlde wittenskiplike opfetting, dat de eksimplaren fan de ferskillende libbensfoarmen fan elkoar ferskille koene, mar dat de soart as sadanich in konstant gegeven wie. Dy wie troch God sa skepen 'neffens syn aard'. Mar Darwin ornearre, dat de soarten ek feroarje koene en dat de hjoeddeiske libbensfoarmen it einprodukt binne fan in lang proses fan stadige feroaring.

The Origin of Species is dus in hiel wichtich boek - der is wol sein dat der bûten de bibel gjin boek bestiet dat sa'n grutte ynfloed hân hat - mar it is in boek dat him net sa maklik lêze lit. It giet oer de ûntjouwing fan it libben, net oer it ûntstean fan it libben. Op dy fraach hat de natoerwittenskip noch altiten gjin antwurd. De haadgedachte fan Darwin wie, dat de libbensfoarmen net konstant binne, mar feroarje kinne. In feroaring yn in stadich proses fan oanpassing oan feroarjende omstannichheden.

Op syn seereis kaam Darwin op de Galápagoseilannen, in ein westlik fan de kust fan Súd-Amearika. Op dy eilannen seach er in type finken dy't op elkoar liken, mar dochts op alle eilannen krekt wat fanelkoar ferskilden. Op it iene eilân seach er guon mei skerpe bekjes, dy't ynsekten ieten en nektar út de blommen hellen. Op in oar eilân seach er krekt sokke finkjes, mar dan mei koarte dikke bekjes dy't geskikt wiene om nuten en siedsjes te kreakjen. En sa seach er wol in fyftjin soarten dy't har stik foar stik oanpast hiene oan de omstannichheden op it eilân dêr't se libben. Dat brocht him op de gedachte, dat it hiel goed mooglik wie dat de finkjes oarspronklik fan it kontinint fan Súd-Amearika libbe hiene, dêrnei op dizze eilannen telâne kommen wiene en har op ien of oare wize oanpast hiene al neffens de sitewaasje op it eilân. Mar hoe?

Trije prinsipes: fariaasje, gaadlike eigenskippen en erflikheid

Hy begjint dan nei te tinken oer de erflikheidslear en oer fokmetoades fan nuete bisten. Hy betinkt him dat der dan wol alderhande soarten fan bisten besteane, mar binnen dy soarte binne gjin twa likensen te finen (ôfsjoen ienaaiigen). Der is dus fariaasje binnen de soart. Dat is tagelyk it earste wichtige prinsipe fan de gedachtegong fan Darwin.

As it no sa is, dat yn de rin fan de tiid de natuerlike omstannichheden feroarje (bygelyks it klimaat, natuerlike fijannen) en dat der fan in soart in stik as wat binne, dy't tafallich eigenskippen hawwe, dy't bettere oarlibbingskânsen biedt, dan wurket dy eigenskip yn harren foardiel. It libben yn de natoer is sawol foar planten as foar dieren omers in striid om it bestean. Mar dy planten en dieren dy't op 'en bêsten oanpast binne oan de omstannichheden, dy rêde it op en bliuwe yn libben. Dat kin wêze om 't se krekt wat grutter en sterker binne, in bettere skutkleur hawwe, better oer kjeld of waarmte kinne, in wat oare snavel ha of wat langere poaten, neam mar op. Prinsipe twa is dan ek: dy't de gaadlikste eigenskippen hat, dy sil oerlibje. Prinsipe trije is de erflikheid. De geunstige eigenskippen sille trochjûn omers trochjûn wurde oan de generaasje dêrnei. En as dy lytse feroaring dy't yn it foardiel fan de plant of fan it dier wurket, him noch in kear as wat foardocht, dan sil der nei in pear generaasjes in libbensfoarm wêze, dy't frijwat ferskilt fan de foarâlden.

SIDE 10

Hoe 't it libben
ûntstien is,
is noch altyd
net bekend

Dyselde frijmoedichheid fan Jan Rot/Eppie Dam brûk ik no ek mar foar Obama. Tagelyk wit ik dat idealen ek faak fataal wêze kinne, sa't Eppie ús sjonge liet yn de aria 30 : "Och, wêrta? Wat dreau myn jonge sa!" Wat dat oanbelanget, hâld ik myn hert fêst en dy minsken binne der grif mear.

De wearde fan de eigen memmetaal

Ik mei altyd graach by belangrike saken yn myn libben nei de getallesymbolyk sjen. Benammen nei de "gelijktijdigheid" sa't guon godstsjinstwittenskippers dat neame. Ik ha fan 2 febrewaris ôf mei repetearre en dat is oant en mei de lêste útfiering op snein 29 maart 56 dagen: ik wie doe 56 jier. Myn bertejier is 52 en Gerben (dirigint) is no 52 jier.

De premiêre wie op de 28^e. It getal 28 skynt ien fan de *perfekte* getallen te wêzen, sa't wiskundigen dat neame, (de dielgetallen opteld binne wer 28), en 2 kear 28 is wer 56, en 28 maart is de datum fan ús pake Sjoerd Bergstra syn jierdei. (Ik tink lykwols net dat dizze Fryske Frysk pake Sjoerd oanstien hie).

En wat te tinken fan de earste útfiering fan de Fryske Mattéuspassy yn itselde jier dat Barack Obama presidint fan Amearika wurden is: der waait in oare, nije wyn? Hokker wearde jo hjir oan jaan moatte wit ik eins sels net, mar it falt my hiel faak op yn myn libben en as je der oer neitinke bart dat by elkenien wol, tink ik. Hawar, it falt jin ta, sille we mar sizze.

Ta beslút, it koe dus dochts: in monumintaal wurk fan Bach yn jins memmetaal. Dat resinsint Nammensma dat in "kuriusiteit" neamt, fielt net goed. Hy begrypt seker net dat jins memmetaal it tichtste by komt, mar miskien ûnderfine Friezen dat allinnich mar. Eppie hat in geweldigen stik wurk ferset en we meie him dêr tankber foar wêze. Hy lit de alt yn nr. 30 sjonge "wat driuwt myn jonge sa". Ik bin bliid dat it Eppie ek sa dreau om dizze Mattéus oer te setten. Al mei al hat it in histoaryske diminsje, de grutte Mattéus fan Bach foar it earst yn it Frysk, yn 2009. Wa hie dat tinke kinnen. Wy kinne letter sizze, dat we der by wienen en der oan mei wurke ha.

4 - 19 april 2009

Sjoerd van der Veen

De skriuwer is opliedingsdosint oan de Kristlike oplieding ta learaar basisûnderwiis fan Stenden hegeskoalle en fakdosint muzyk oan dyselde oplieding en koardirigint; hy wennet yn Heech.



J.S. Bach

Nije Earn goed ûntfongen

De redaksje en it Wurkferbân hawwe tige goeie reaksjes krigen op it earste nûmer fan de nije Earn. Sawol op de ynhâld fan it blêd as op it ynisjatyf sels. Wy binne dêr tige wiis mei, mar noch blider binne wy mei it feit dat wy al 50 nije abonneminten hawwe en dat wie in doel, dat wy ús pas nei ien jier steld hiene. Boppedat wiene in soad fan dy abonneminten foar minsken, dy't oan no ta noch gjin Earn krigen of sjoen hiene. Oan de oare kant binne der ek noch in soad minsken, dy't al in (fergees) abonnemint op de Earn hawwe, mar har noch net opjûn hawwe foar in betelle abonnemint. Wy hawwe der lykwols alle betrouwen yn, dat in grut part fan dizze lêzers, har ek noch opjaan sil foar in abonnemint.

Sa 'jim witte, hat it bestjoer besletten om it lêsjild foar it earste jier en fjouwer nûmers fêst te stellen op € 10 (€ 15 as it takom jier 6 nûmers wurdt). En om de administraasje net te belemen mei de kontrôle op minsken dy't wol en net betelje en fanwegen de hege kosten fan aksept-giro's, kin dat allinne troch in machtiging te jaan ta automatyske ynkasso. Foarút betelje mei ek, mar dat ferjit faak maklik. Bestande (net-beteljende) lêzers gunne wy even de tiid om har noch op te jaan, mar as wy ein 2009 net yn it besit binne fan in machtiging, sille wy dy abonnees útskriuwe moatte as lêzer.


By dizze Earn sit dan ek jitris in los ynlisfel, dat minsken dy't noch net abonnee binne, ynfolje en ûndertekenje kinne. Faaks dat josels de nije Earn ek ris útdiele kinne oan mooglike belangstellenden. De earste nûmers sille dêrta ek yn in ekstra grutte oplage ferspraat wurde. Mear eksimplaren (ek fan it foarige nûmer) binne te krijen by de redaksje en de Herfoarme tsjerke yn Earnewâld. Ut namme fan de redaksje in soad lêsnocht tawinske!

Jan Lautenbach, administrateur

de Earn

SIDE 7

Darwin, Nietzsche en de morele tinkflater



Charles Darwin

De minske as kroan op de skepping is in dreambyld dêr't noch wol even oan wurke wurde moat



Friedrich Nietzsche

SIDE 8

'Het evolutionistische denken vernietigt de basis van de samenleving', sa skreau de eardere direkteur fan de EO, Bert Dorenbos. En hy heakke der oan ta dat dizze ferneatiging ek alles te krijen hie mei abortus, eutanasy en embrioseleksje: 'Het zwakke moet dood'.

In nuvere útspraak. It soe wêze kinne dat minsken dy 't de evolúsjeteory serieuus nimme in iepener hâlding hawwe foar saken as abortus of eutanasy oer. Mar om op grûn dêrfan te stellen dat dizze minsken dwaande binne om inkeld it swakke de nekke om te draaien, giet my te fier.

Charles Darwin (1809-1882) wie in Ingelske ûndersiker, biolooch en geolooch. Fansels, hy is bekend wurden mei syn teory dat de evolúsje fan alle libjende soarten (dus ek de minsk) dreaun wurdt troch natuerlike seleksje. Hjoed-de-dei is syn teory wittenskiplik algemien akseptearre. Grut wurden yn in religieus gesin, die er syn ûndersyk yn in maatskippij dêr 't teology, leauwen en wittenskip inoar net tsjin-sprutsen. It leauwen en de wittenskip koenen njonken inoar bestean.

Survival of the fittest as model foar de maatskippij?

Dat de minsk net langer as dé kroan op de skepping sjoen wurdt, liket foar ús 'moderne' minsken in grutter probleem as foar guon minsken yn Darwins' tiid. Darwin syn ideeën meitsje dat de minske net langer boppe de natoer stiet, mar hjir diel fan út makket. De oermite fan de Ferljochting is dat de minsk him út it neat wei ta soeverein subjekt ferklearre hat. Dat wy ússels as minsken ferheven hawwe boppe de natoer, boppe de wierheid en boppe God sels, komt ús hjoed-de-dei djoer te stean. Wy hoege mar te tinken oan de oerflakkichheden dy't ús oerspiele en ek de kredytkrisis is der, neffens my, in dúdlike eksponint fan. Wat dat oanbelanget, is Darwins idee sa raar noch net. De minsk soe net te heech fan de toer blaze moatte.

Fansels, kritisy sizze dat as wy yn grutte problemen komme sille as wy Darwins model tapasse op de maatskippij. De eardere direkteur fan de EO makket him dêr ek hiel drok oer: hy suggerearret dat Darwin syn teory liede sil ta in foarm fan libjen dy 't bygelyks it Nazisme legitimearje kinne soe. Tajûn: oan de ein fan de 19-de ieu seagen oanhingers fan Darwin mooglikheden it idee fan 'survival of the fittest' ta te passen op in maatskippijfoarm. Neffens guon soe it idee dat allinnich de sterksten oerlibje soenen, de maatskippij ek better en sterker meitsje. As elts foar himsels fjochtsje soe, soenen de sterksten fansels oerbliuwe. Dat arbeiders in min bestean hienen en dat guon minsken gjin iten hienen wie gjin punt: dat wie dochs de natuerlike gong fan saken? Dit idee hat it troch de skiednis hinne gelokkich net helle. Want, hoe 't it der ek om ta giet yn de natoer, it is gjin noarm foar it maatskiplike libben en de ynrjochting fan de mienskip.

Nietzsche en de fragen fan goed en kwea

Doe 't Darwin yn Ingelân warber wie mei it stellen fan de fragen oangeande de natoer, wie der in Dútske filosoof drok dwaande mei it stellen fan wichtige morele fragen oangeande de werklikheid om him hinne. Berne yn 1844 en ferstoarn yn 1900 studearre Friedrich Nietzsche in skoftlang teology, mar stapte al gau oer nei de filosofy. Lykas Darwin wie ek hy fertroud mei in Godsbesef. Neffens Nietzsche hat de minsk God fermoarde. Neffens in soad minsken wie Nietzsche ateïst, mar dat falt noch te besjen. Hy giet út fan it feit dat de minske God net misbrûke moat foar it delbêdzjen fan syn eigen gewisse. Mei dy útspraak hat Nietzsche neat sein oer it al of net bestean fan God.

In selde soarte fan diskusje is hjoed-de-dei ek geande oer Darwin. Guon minsken sizze dat mei Darwin de moraal fuortsein is, om't God net bestean soe. Minsken dy't har dêr mei dwaande hâlde, reagearje út eangst wei. Der moat blykber perfoarst en tsjin elke priis in antwurd fûn wurde op de fraach oer in al of net bestean fan God. Nietzsche en Darwin soenen harren ôffreegje: wêrom?

Darwin publisearre yn 1871 syn boek *'The descent of Man'*, dêr't er de evolúsjeteory tapast op de minske. Ek ús moreel besef stammet fan de apen ôf en der is gjin hegere fundearring foar moraal. Mar no komt de tinkflater: sels al stamme wy 100 kear fan de apen ôf, dan noch is it net sein dat mei de beskriuwing fan dat wat is, dat dan ek de heechste kwalifikaasje kriget.

Ik bedoel dit: as Darwin skriuwt oer de *survival fan de fittest*, it rjocht fan de sterkste as kondysje fan de minsk en de werklikheid, dan hat hy perfoarst net sein

dat Hitler de heechste moraal yn pacht hie. It is in teory dy't ferklearje wol, mar it jout gjin morele kwalifikaasje.

Yn dy sin lit Darwin oerein wat de bibel ferkundiget; it besteansrjocht fan de swakste. Opfallend detail is, dat Darwin yn syn tiid it wurk fan de teolooch William Paley lies en fassinearre wie troch syn godsbewiis, dat syn grûn fûn yn it argumint fan de 'intelliginte ûntwerper' fan de natoer. De ideeën fan Paley ha in grutte ynfloed hân op it wurk fan Darwin. De diskusjes komme dus altyd werom, se bin fan alle tiden. *'Under de sinne is neat gjin nijs'*, sa sei de Preker.

Misbrûk fan God

Wie Darwin drok mei de fraach nei it ûntstean en de ûntjouwing fan it libben, sa wie Nietzsche drok dwaande mei al dy minsken dy't God misbrûke om harren eigen gewisse glêd te striken. Etyk en moraal, de lear oer wat goed en net goed is, ferwurdt ta eat wat it net wêze mei: it is in utering fan de wil ta macht. Nietzsche hat syn bêst dien om dizze leagen te ûntmaskerjen. Nietzsche ferklearre God net dea om't er leaude dat er net bestie. It ynteressearre him net. Hy ferklearre God ek net dea om de minsk ûngelokkich te meitsjen. Hy ferklearre God dea om't er de minsken wekker meitsje woe út in falske dream. Wy moatte de wrâld nimme sa 't er is, lykas ek Darwin foarstie. De les is dat wy ideeën en oertinkings fan minsken lykas Darwin en Nietzsche net meitsje moatte wat se net binne.

It konflikt tusken fûnementalistyske leauwigen en fûnementalistyske wittenskippers sil nea ferdwine as de leauwigen it Genesis ferhaal foar letterlike feite-skiednis oannimme en sa lang as wittenskippers mei feiten de fraach nei goed en kwea beäntwurdzje wolle. By kritysk hifkjen docht bliken dat beide útgongspunten gjin stân hâlde kinne.

De evolúsjeteory kin ús helpe om te begripen wêrom't minsken binne wat se binne. Nietzsche hat besocht ús ynsjoch te jaan wêrom oft minsken dogge sa't se dogge. Mar foar beide tinkers jildt: it antwurd op de fraach nei it goede libben, en wát de minsk dwaan moat om dát libben te libjen, ha beide tinkers net beäntwurdzje kinnen. Dêrfoar moatte wy dochs wier earne oars ús ynspiraasje sykje.

Yvonne Hiemstra

Skepping of evolúsje

Se stiene lang al nêst elkoar,
de keale beam en minskemêst,
de iene frege oan de oar:
'Wa wie der earst en wa kaam lêst?'

't Wie oan de hichte net te sjen,
se rikten beide like heech,
dochs wie der in ferskil yn gen,
dat seach men op it earste each.

De beam beseach syn libbensrin
út God syn goede skepping wei,
der sprute út it oerbegjin
in beamsel op 'e tredde dei.

De wike wie in dei te koart
foar 't libben fan de minskemêst,
de skepping wie dus sa net bard,
in oar ferhaal waard syn hâldfêst.

Wat Darwin sei, befoel him wol,
in libbensrin sa sterk as stiel,
hy hold it grif sân iuwen fol,
naam oan de evolúsje diel.

Foar beide hold de tiid gjin skoft,
de beam jûchheide as in mins,
de mêst bleau hingjen yn de loft,
sa fine sel en stiel har grins.

*Noch altyd tapaslik:
'Do silst de namme fan de Heare dyn God net misbrûke'.*

(it gedicht hjirneist mocht Yvonne Hiemstra foar har oertinking brûke fan Willem Tsjerkstra. Tsjerkstra is ûnder oaren skriuwer fan romans, gedichten en berneboeken. Tsjerkstra makket diel út fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân fan Itens en hat in eigen hiemside:

www.tsjerkstra.com

SIDE 9